

## Lit yn alle tiden hearre

1

Lit yn alle tiden hearre  
dyn muzyk foar God de Heit,  
dy't yn Kristus ús regearret  
en de takomst iepenleit.  
Lit oant yn 'e himel klinke  
melodijen foar de Hear,  
lit se stige en wer sinke,  
God de Heit ta lof en ear.

*refrein:*

Tank oan God, dy't sit hat op de troan.  
Gloarje oan it Laam, de Minskesoan.

2

Yn in wolk fan fjoer en dize  
kaam God leafdefol benei.  
Nóch wol Hy it paad ús wize,  
by ús wêze, nacht en dei.  
As in skaad tsjin gleone hite,  
as in fjoer dat waarmte jout.  
liedt Hy skielk ús troch de wite  
poarten yn 'e stêd fan goud.

*refrein*

3

Hear, wy sjonge Jo temjitte  
op ús trektocht nei de dei  
dat de wrâld yn folle bridte  
yn jo gloarje diele mei.  
Kommende fan alle kanten  
– tel de stjerren, Abraham –  
bringe wy yn wite mantels  
lof oan God en oan it Laam.

*refrein*

4

Skyn jo ljocht oer al ús gongen,  
dat wy each ha foar elkoar  
en jo gloarje, Hear, besjonge,  
as de ingels yn har koar.  
Hear, genês ús fan ús blinens  
en besparje ús de fal.  
Wy sill' wis it paad wol fine,  
om't de Hear ús liede wol.

*tekst* Ria Borkent – 'Maak muzyk voor God de Vader'

*oersetting* David de Jong  
*meldij* Jannes Munneke